



# DOARPSNIJS

Nûmer 419

juny 2018

# KOLOFON

“Doarpsnijs” is in útjefte fan de Feriening foar Doarpsbelang Nijemardum en ferskynt op elke lêste woansdei fan de moanne.

It earste krantsje kaam út yn april 1982.

## De redaksje:

Wiepkje Holtrop	Lyklamawei 49	571310
Hedwig Beukens	Hege Bouwen 2a	572278
Annie de Kleine	Lyklamawei 34	571364
Jantsje Akkerman	Lyklamawei 27	571889
Coby Hospes	Lyklamawei 23	571855

E-mailadres: [redaksje.doarpsnijs@gmail.com](mailto:redaksje.doarpsnijs@gmail.com)

Website: [www.nijemardum.nl](http://www.nijemardum.nl)



## It bestjoer fan Doarpsbelang:

Jeannet Bekedam (voorz)	Hoitebuorren 12	571597
Jelte Draijer (secr)	Omrin 9	571484
<a href="mailto:Dorpsbelangnijemirdum@gmail.com">Dorpsbelangnijemirdum@gmail.com</a>		
Hedwig Beukens	Hege Bouwen 2a	572278
(penningmeester, bankrek. NL30.RABO.0305.2441.59)		
Sjoukje Kramer	Wissebuurt 12	571785
Rienk Nadema	Hege Bouwen 25	572101
Jaap Douwe Bokma	Hoitebuorren 13	571328
Froukje Prins	Hege Bouwen 16	593776

E-mailadres buertplysje: [dirk.hebing@politie.nl](mailto:dirk.hebing@politie.nl) of [www.politie.nl](http://www.politie.nl)

Kontaktpersoan gemeente: [r.zijlstra@defryskemarren.nl](mailto:r.zijlstra@defryskemarren.nl) of

tel. 0620548535 of [www.defryskemarren.nl/melding](http://www.defryskemarren.nl/melding)

## STOARN

Yn Emmeloord is op 3 juny frou Elizabeth Pietersma-Storm stoarn. Sy is 89 jier wurden.

## WOLKOM

De famylje F. Hospes-Rinkema is op de Wissebuurt 8 komme te wenjen.



## FERHÚZE

De famylje S. Verkaik-Bosma is fan de Wissebuurt 8 ferhúze nei Hoitebuorren 23.



## OPENING VERNIEUWDE HOEKSTIEN

Al jaren was er de wens en de behoefte en niet minder de noodzaak de kerk de Hoekstien te renoveren. Juni 2017 kwam er na vele besprekingen groen licht en kon een bouwcommissie aan de slag. De hulp van een architecten adviesbureau speciaal voor kerken werd ingeschakeld. In het najaar van 2017 kregen de renovatieplannen hun vorm. Duidelijk werd dat renoveren zou gaan betekenen dat de Hoekstien van binnen ingrijpend zou gaan veranderen. De renovatie die in januari van dit jaar van start ging, begon dan ook met slopen. Vele vrijwilligers staken hiervoor de handen uit de mouwen. Daarna gingen allerlei professionele bedrijven aan de slag met het opknappen en aankleden van de kerkzaal en de ruimtes erachter. Ook werd de ruimte buiten rondom de kerk heringericht. Naast de professionals bleven er de hele



tijd vele vrijwilligers actief. Bijna al het kerkinterieur werd geveild en er werden keuzes gemaakt voor nieuw kerkinterieur en audiovisuele apparatuur.

In juli van dit jaar wordt de renovatie afgerond en op **31 augustus** vindt de opening plaats van de vernieuwde Hoekstien.

Het officiële programma begint om **16.00 uur**. De kerk zal open zijn tot **21.00 uur**. Van harte welkom om deze opening mee te maken en een kijkje te komen nemen in de Hoekstien die ook al is zij meer dan 120 jaar oud, zonder overdrijven als nieuw lijkt. Voor de kinderen is er een speurtocht.

Namens de kerkenraad van de Protestantse Gemeente Oudemirdum

Nijemirdum Sondel,

*Lucas Westra* (voorzitter)

## 1 JAAR NIJEMIRDUM

Vorig jaar maart schreven we in het Doarpsnijs dat we hier kwamen wonen en afgelopen maart was ik begonnen te schrijven hoe het na een jaar wonen ons beviel in Nijemirdum.

Daar kunnen we kort over zijn: Het bevalt ons hier heel goed. De sfeer is geweldig en we vielen vorig jaar meteen met onze neus in de boter met het dorpsfeest voor de deur.

Na een grondige restauratie van de boerderij en de interne verbouwing van ons woonhuis en één van de B&B kamers is het stof nu letterlijk opgetrokken en wonen we weer met het uitzicht op de Lyklamawei.

Het monument, of “de oude dame”, heeft met de nieuwe schoorsteen weer haar gezicht terug en haar hoed op.

Tijd om het zomerseizoen in te gaan met gasten en straks het kleine dorpsfeest met elkaar.

Er is veel gebeurd, vele ontmoetingen en fijne mensen om ons heen. Dank voor de hulp die we kregen toen ik niet veel kon na een ski-valpartij. Fijn dat je niet alleen staat en ook prettig als mensen even de neus om de hoek van de deur steken.

Al met al kunnen we zeggen dat we ons hier thuis voelen en dat is heel prettig!

Oant sjen, *Klaas Kos en Jellie Zijlstra*

B&B Lyklamastate.

## WER GIET DAT HINNE.....

*De âlders witte faak noch as de dei fan juster dat sy harren bern foar it earst nei de basisskoalle brocht ha. En no sitte sy alwer yn groep 8 en binne klear foar it fuortset ûnderwiis. Wêr bliuwt de tiid. It is krekt as it ferske fan Herman van Veen yn in kouplett fan "Anne"; "je hebt net je bromtol uitgepakt of je bent al weer een jaar ouder, voor ik goedemorgen zeg, ben jij op je brommer weg".*

*Gelokkich kin de brommer noch efkes yn it hok stean bliuwe want dy leeftiid ha sy noch krekt net.*

*Wat binne har ferwachtings en wat wie moai op de 'Stapstien'?*

*Wy ha by de groep acht'ers oan west. Hjirûnder in koart ferslach.*

*As earste gean ik nei Wybren Buter. Juster krekt werom fan kamp en fan' e moarn al wer in mikstoernoai hân; no hat hy it hier alwer yn ' e kuif en is der hielendal klear foar.*

### **Hoe âld/jong bist?**

11 jier; yn septimber wurd ik 12

### **Wat witst noch fan de earste perioade?**

Yn groep 1,2 by juf Willy mochten wy faak yn de hoeken boartsje

### **Mei wa boartest yn it begjin fan dyn skoaltiid?**

Mei Thom Runia, Hendrik Eppinga en Benjamin Postma.

### **Binne dyn freonen fan doe no ek noch dyn freonen?**

Ja, Thom is no ek noch myn beste freon.

### **Wat witst noch fan de skoalreiskes?**

Ik wit noch dat wy mei de bus nei it Fûgeltsjepark west ha. En in kear nei Duinenzathe yn Appelskea.

### **Wêr tinkst mei in soad nocht oan werom?**

De juffen wiene wol leuk en wy ha 2x op kamp west. De earste kear yn groep 6 en ôfrûne wike ha wy yn Dwingeloo west.

### **Wêr silst takom jier hinne?**

Nei de CSG yn Balk; VMBO TH ( teoretysk/havo)

### **Fynst it ek spannend?**

Nee, ik ha der sin oan en ik kin in soad al fan myn klasse.

Foar de simmerfakânsje komt de nije groep al by elkoar

( se kinne de Buterkes ek wol op de CSG; syn broer en sus ha der ek sitten)



**Wat wolst letter wurde?**

Gymlearaar.

*Wybren hat der sin oan en hat al in nije tas kocht. Mei it Hearrenfean-logo derop. Dit is echt in sportman. Ik hoopje dat dyn dreamen wier wurde meie.*

*Dêrnei ha ik in ôfspraak mei Esri Schotanus op it Wytlânsdykje. Ik sjoch har wol ris foarby hobbellen op de rêch fan in pony of is it in hynder? Mar earlik sein hie ik har noch nea yn de eagen sjoen. Sy hat prachtige moaie donkere eagen en har lange hier draacht sy yn in sturt. Der springe ek twa hûnen om, dy' t goed op de famylje pasje. Gelokkich litte sy my mei rêst en kin ik begjinne mei myn fragen.*

**Hoe âld/jong bist?**

12 jier

**Wat witst noch fan de earste perioade?**

Hast niks mear, dat is sa lang lyn.

**Mei wa boartest yn it begjin fan dyn skoaltiid?**

Mei Thom Runia. Dan giene wy troch it boskpaadsje nei elkoar ta

**Binne dyn freonen fan doe no ek noch dyn freonen?**

Ik boartsje no faak mei Amber.

**Wat witst noch fan de skoalreiskes?**

Wy giene faak nei Sybrandys' fûgeltsjepark mei de bus.

**Wêr tinkst mei in soad nocht oan werom?**

Dat wy 2x op kamp west ha. In kear nei Kollumerpomp en juster binne wy út Dwingeloo kaam.

**Wêr silst takom jier hinne?**

CSG yn Balk, yn in dakpanklas GT/HAVO

**Fynst it ek spannend?**

Jawol

**Wat wolst letter wurde?**

Wat mei hynders.

*It is dúdlik, hjir sit echt in hynderfamke. Neffens my giet sy it leafst op it hynder nei skoalle. Jammer dat dat net kin. Ik hoopje datst straks noch tiid genôch hast om noch faak op de rêch fan dyn hynder te krûpen.*

*Ek Thom Runia fan it Wytlânsdykje sil aansten in stikje fierder fytse moatte om op skoalle te kommen. Hy hat in drokke dei efter de rêch; mikstoernoai en reiske fan de 'kindernevendienst'. En dat nei trije drokke kampdagen ( en nachten?) Mar hy sjocht der noch fit út en is goed by stim.*

**Hoe âld/jong bist?**

12 jier

**Wat witst noch fan de earste perioade?**

Juf Willy hiene wy yn de earste groepen en letter juf Antje; wy hiene in grutte en lytse juf Antje.

Wy mochten faak bûten boartsje en yn de bouhoeke  
Wy hoegden noch net echt te wurkjen.

**Mei wa boartest yn it begjin fan dyn skoaltiid?**

Mei Klaas Jan en Daan en letter mei Wybren.

**Binne dyn freonen fan doe no ek noch dyn freonen**

Ja, Wybren is no ek noch altyd myn beste maat

**Wat witst noch fan de skoalreiskes?**

Wy giene hiel faak nei it Fûgeltsjepark en wy ha wol nei it Kameleondoarp west en 2x op kamp fansels.

**Wêr tinkst mei in soad nocht oan werom?**

Oan groep 6; dat wie in machtige tiid. Bart, Jelmer en Arnout sieten doe yn groep 8. Dat wie echt gesellich. Sy hiene humor en de juf sei dat in grapke op syn tiid wol mocht. Letter waarden de juffen wol "strenger".

**Wêr silst takom jier hinne?**

CSG yn Balk; VMBO HAVO/ VWO

**Fynst it ek spannend?**

Nee, ik kin best wol in soad dy' t by my yn de klasse sitte.

**Wat wolst letter wurde?**

(Djippe sucht) Dat fyn ik in drege fraach.

Miskien wol kok want ik fyn it wol moai wurk om iten klear te meitsjen.

**Meist dan sels kieze watst makkest?**

Der moat wol griente yn sitte.



Of miskien wurd ik wol sportlearaar, liket my ek wol wat.

*Gelokkich hast it noch oan tiid om der oer nei te tinken. Bin benijd. Mar earst mar lekker genietsje fan de simmerfakânsje. Sukses en bedankt.*

*Coby*

En ik hie in ôfspraak mei Siegrid van der Wal , it âldste famke fan Durk en Annemiek. Ik sjoch har faak by my del fytsen as se nei har Beppe giet dy't al jierren harren oppas is. Earst sa'n lyts "blond" famke achterop by Beppe, dan sels op in lyts fytske slingerjend op de stoepe en no in moaie jongfaam dy't hielendal klear is foar de grutte stap nei Balk.



**Hoe âld /jong bist do?**

11 jier

**Mei wa boartest yn it begjin fan dyn skoaltiid?**

Ik wie doe in hiel soad by Amber Postma.

**Wat witst noch fan de skoalreiskes?**

Earst altyd nei it Fûgeltsjepark yn de giele bus en letter ha we nei it Kameleondorp west en Appelskea.

**Binne dyn freondinnen fan doe noch hieltyd deselden?**

Nee, want der binne letter nije bern op skoalle kaam en dan wikselte it wolris.

**Wêr tinkst mei in soad nocht oan werom?**

It kamp fan doe't ik yn groep 6 siet. Har Heit laket.. ja sjoch ús Heit wie de lêste kear mei op kamp.

We ha no nei Dwingeloo west en yn groep 6 nei Kollumerpomp; dat wie machtich.

**Wêr silst it takommende jier hinne?**

Nei de CSG yn Balk; ik kom yn de Havo/Vwo klas . Thom en Hilde sitte by my yn de klasse; op 18 july ha we in "kennismakingsdei".



**Fynst it spannend?**

Nee, ik ha der sin oan.

**Wat wolst letter wurde?**

In eigen “Dierenasiel” begjinne.. no ja yn alle gefallen wat mei bisten.

Mar net bistedokter want ik kin net oer bloed.

Har mem laket en seit “ ja dat is sa; as wy yn de winkel rinne en sjogge dan sa`n heale hin yn de skappen lizzen, dan hat Siegrid it al net mear.

*Ai, dan hoecht se net in fakânsjebaantsje by de slachter...*

*En as lêste fytste ik nei de Hege Bouwen. Dêr wennet Hilde Jorritsma.*

*We geane hearlik bûten op de feranda sitten, dêr't har Heit lekker yn in hingstoel skommelet. Hilde is krekt wer thús; se hat in pear nachten by har Pake en Beppe west omdat Heit en Mem harren tintsje opsetten hiene by Pinkpop.*

**Hoe âld/jong bisto?**

12 jier.

**Wat witst noch fan de earste perioade op de Stapstien?**

Eh ja, juf Willy, dy stiet my noch goed by en we mochten altyd folle langer bûten boartsje.

**Mei wa boartest yn it begjin fan dyn skoaltiid?**

Hast altyd mei Esri.

**Wat witst noch fan de skoalreiskes?**

It Fûgeltsjepark; ik wit noch krekt by welke bushalte we útstapten.

En fierder wit ik it net iens mear; har Heit helpt har efkes: Appelskea? Oh ja dat is ek sa ..

**Binne dyn freondinnen fan doe noch altyd deselden?**

Ja .

**Wêr tinkst mei in soad wille oan werom?**

Oan doe't ik mei groep 6 op kamp yn Kollumerpomp siet; dat wie sa moai.

Allegear wetter om ús hinne ; we slingerden der mei touwen oer, prachtich.

**Wêr silst takom jier hinne?**

Nei de CSG yn Balk: Vwo.

**Fynst it spannend?**

Nee, ik ha der sin oan.

**Wat wolst letter wurde?**

Bistedokter of wurkje op de biste-ambulânse.

*Har heit seit: " mar dan wol se gjin katten fan de dyk skrabje..."*

*Bedankt Hilde en Siegrid en in hiel soad sukses yn Balk.*

*Wiepkje*



## WER IS DIT ?

In dreech riedsel diskear!

Mar 4 bellers en 1 mailer wisten my te fertellen dat de bysûndere hikke fan de foto fan foarige moanne is te finen oan de râne fan de Bremer Wildernis, op it hiem fan de famylje Siemonsma op Nij Amerika nr.16.

En ja, men moat efkes goed de kop derby ha, oars geane jo sa oan dit keunstwurk foarby.

Yn dizze hikke sjogge we ûnder oaren in kuilskeppe en ierappelgrippe.

It is it ark fan Bertus Altena dy't eartiids op dit adres my syn frou Griet en bern wenne en buorke.

Ûnderwilens wennet de folgjende generaasje op it âlderlik stee en hat it lytse smûke spultsje fan Bertus

en Griet plakmakke foar in moderne nije, mar net minder smûke, wenning.

As moai oantinken oan Bertus hat pakesizzer Andries dit keunstige stek yn elkoar laske.

De sûkerbole is diskear foar Boate Schotanus. Lokwinske !



Coby hat wer mei har kamera in rûntsje troch Nijemardum makke foar in moai plaatsje.....

Witte jimme wêr't dit is?

Belje gau nei nr.571889

Of stjoer in mail nei:

[redaksje.doarpsnijs@gmail.com](mailto:redaksje.doarpsnijs@gmail.com)

Dat kin oant en mei kommende tiisdei.

*Jantsje*



*Ja Beppe,  
Yn in stacaravan  
kinne jo  
ek wol sitte.....*

## DE STIPERS

Mei tank oan de folgjende minsken/bedriuwen kin Doarpsnijs elke moanne útbrocht wurde:

Harmen en Lieske Bangma	Camping De Groninger
Albert en Jeannet Bekedam	Vakantiewoningen en groepsaccommodatie
Bauke Beukens	Garant Zaden
Jan Buma	Buma Handel
Bed & Breakfast Lyklamastate	Kamers en appartementen
Johan A. Dijkstra	Dierenarts
Jelle Eppinga	Boomkwekerij
Halbe Hielkema	Bouw- en onderhoudsbedrijf
Atze Hoekstra	Douwe Hoekstra kraanverhuur en transport
Tryntsje de Jong-Rienstra	Kapsalon Tryntsje
Ede Groenhof	Transportbedrijf/verhuizingen
Stephan Mast	Timmer- en onderhoudsbedrijf Stephan Mast
Cees en Johannes v.d. Meer	Van der Meer Mechanisatie
Hendrik Postma	Motorenrevisie/reparatie
Douwe en Froukje Prins	Bakkerij Prins, Harich
Fam. K. Rienstra	Beheerders dorpshuis
Runia Fourage BV	Veevoerders
Runia Transport BV	Transportbedrijf
Jan-Dirk van der Tol	Feedcentre B.V.
VandeLinde Associates	Journalistieke Producties
Ruerd Vellinga	Vellinga werkschoenen en -kleding
Annoesjka de Vries	Pedicure
De Vries	Slagerij, Oudemirdum
Edze Westra	Edze Westra Trading BV

De famylje Kramer soarget derfoar dat it krantsje elke lêste woansdei fan 'e moanne by de minsken thús komt.

## AGINDA

29 en 30 juny	:	kleintje dorpsfeest
3 en 6 july	:	Nijemardumer volleybaltoernoai (tsjinoer it doarpshûs)
4 july	:	gearkomste takomst doarpshûs
31 augustus	:	iepening "De Hoekstien"
1 septimber	:	Fiskwedstryd
8 septimber	:	Monumintendei / Frijmerk
22 septimber	:	Dorpsontbijt

Elke 3e sneon fan 'e moanne wurdt it âld papier ophelle.

**IT FOLGJENDE KRANTSJE** ferskynt op woansdei 25 july 2018

**KOPIJ YNLEVERJE foar woansdei 18 july 2018**

by ien fan de redaksjeleden

in e-mail stjoere kin ek: [redaksje.doarpsnijs@gmail.com](mailto:redaksje.doarpsnijs@gmail.com)

**Yn de moanne augustus ferkynt der gjin doarpsnijs. Wy ha dan fakânsje!**